

Neffens de regels foar it útjaan fan "historische bescheiden" is it net de taak fan de útjouwer om de publisearre tekst yn de ynliding wittenskiplik te ferwurkjen.<sup>50</sup> Dochs nimme wy de gelegenheid te baat en gean, foardat wy hjirnei yn paragraaf 6 útlizze hoe't dit atlasdiel ynrjochte is, neier yn op inkelde aspekten fan de delsettingskiednis dêr't dizze atlas it materiaal foar leveret.

Utingeradeel ûntliet syn namme, lykas it distrikt Bornego dêr't it yn de Midsieuwen út fuortkaam en lykas ek de gemeente Boarnsterhim dêr't it yn ús tiid foar in part yn opgie, oan de rivier de Boarn: de namme betsjut "it diel oan de benedenrin fan de rivier".<sup>51</sup> Yn in foarige atlas demonstrearren wy oan it foarbyld fan Aldeboarn en Lúnbert hoe't de ier-midsieuske bewenning op de klaaistripes lâns de Boarn lei. Dêrút wei waard it fean fan Einjewier yn kultuer brocht. In yllustraasje fan dy ûntginningsbeweging biedt de lizzing fan it kleaster- en tsjerkelân fan Stientsjerk en Lúnbert yn de opstrekke "útgong" fan dat fan har memmetsjerke Aldeboarn.<sup>52</sup> It materiaal fan dit atlasdiel leveret in wichtige stipe foar de troch ferskate auteurs utere fermoedens dat de Lege Wâlden (de doarpen Terherne, Terkaple, Eagmaryp en it yn de sechtjinde ieu by Eagmaryp foege St.-Jansgea) op ferlykbere wize út de klaaistripe by Akkrum wei yn ûntginning naam binne. Wichtige argumenten foar dy fermoedens wiene de út de Boarn<sup>53</sup> wei útwaaierjende ferkaveling en de fan Akkrum (*Ackrom*) ôflate namme Eagmaryp (*Ackrommaryp*), dat is de "ûntginningsstipe by Akkrum".<sup>54</sup> Om't Sniksweach yn 1315 *Ackronryprasaugh* hjitte - dat is "weidlân fan de ûntginningsstipe by Akkrum" - leit de ûnderstelling foar de hân dat ek it tussen Eagmaryp en Sniksweach lizzende St.-Jansgea ienkear "op de *Ackrommaryp*" lei. Eagmaryp soe sa yn 't earstoan in streeknamme west hawwe kinne foar it hiele ûntginningsblok fan de Lege Wâlden en Sniksweach, dêr't dan ferskate doarpen c.q. parochy's binnen ûntstiene. De namme Terherne soe dan opfetten wurde kinne as "hoeke" fan dit blok.

De bewenningsassen fan de doarpen yn de Lege Wâlden lizze net yn elkoars ferlingde. It tichtste by de Boarn leit Terherne. Dit doarp koe net fierder opskowe fanwege de grins mei it op de Middelsee oriïntearre ûntginningsblok fan Raarderhim/Doanjewerstal. De mear nei it suden lizzende doarpen koene elk hieltiten in stik fierder opskowe, mei fan gefolgen dat de bewenningsas al neffens doarp hieltiten sa likernôch in kilometer ferspringt. De as fan Terherne fynt yn it súdeasten in fuortsetting yn de Haklandshop en yn de Wyde en Alde Geeuw; de "Terkapleas" rint fierder út op in dwers op de opstrekke ferkaveling fan Eagmaryp rinnende sleat. By ferliking mei oare kriterien leit de ûnderstelling foar de hân dat Terkaple en Eagmaryp, en faaks ek St.-Jansgea en Sniksweach, yn eardere tiden op de as fan Terherne en/of dy fan Terkaple lein hawwe soene, sadat de tsjintwurdige

50 Richtlijnen voor het uitgeven van historische bescheiden (6de wersj. pr., Den Haach 1988) 21.

51 Lykas Opsterlân it lân is fan de minsken dy't oan de bopperin fan de Boarn wenje. Huisman, "De grietenijnamen Opsterland en Utingeradeel", *Us Wurk* 21-22 (1972-1973) 89-96.

52 PKAF III 21-22; Mol, *Friese huizen*, kaart 9.

53 En út de sydstreamkes fan de Boarn: de Luts en de Dracht, dêr't Sniksweach en de oare doarpen fan Haskerlân op oriïntearre binne. Sjoch de kaarten by: H. Halbertsma, "Bornego. Bijdrage tot de oudste geschiedenis van het Neder-Boorngebied", *Berichten ROB* 12-13 (1962-1963) 210-235, dêre 231; en G.J. de Langen, "De ouderdom van Oldeboorn", yn: M. Bierma e.o. (red.), *Terpen en wierden in het Fries-Groningse kustgebied* (Grins 1988) 142-176, dêre 147.

54 Sjoch foar dizze nammen: H.T.J. Miedema, "De Friese plaatsnamen Akkrum, Akmarijp, Snikzwaag en Akkerwoude", *Naamkunde* 15 (1983) 109-115.

(en tagelyk let-midsieuske) bewenningsas net yn ien kear berikke west hawwe soe, mar - mei de hieltiten fierder geande ûntginning - fia ien of mear tuskenlokaasjes.

De eigendomsrekonstruksje fan de geastlike goeden, dy't mei help fan de Prekadastrale atlas mooglik waard, jout yn kombinaasje mei toponimyske gegevens in sterke stipe foar sawol de ûnderstelling dat de Lege Wâlden út de klaaiboarden fan de Boarn wei ûntgonnen binne, as foar de hypotese dat dat net yn ien kear barde mar dat de doarpen ien of mear kearen ferskood waarden. De tsjerke en pastory fan Terkaple (FC9) lizze yn de opstrek fan de pastory fan Akkrum (FC18). De eigendomsstruktuer lit sa sjen dat de tsjerke fan Akkrum de memmetsjerke fan dy fan Terkaple wie en troch ôfsplitsing fan har opstrek yn it fean oan de oare kant fan it Diel dêrfoar ek de ynfrastuktuer levere.<sup>55</sup> Der bestiet datoangeande in opmerklike oerienkomst mei it geastlik goed fan Aldeboarn, Stientsjerk en Lúnbert: ek dêr foarme in wetter mei de namme Diel trouwens de grins tusken de âlde en nije parochy's.<sup>56</sup> De rekonstruksje fan it geastlik goed fan Akkrum en Terkaple befêstiget dus dat der in "lânskips-genetyske" relaasje tusken de wâl fan de Boarn en de bewenningsas fan Terkaple bestiet. Om't de yn 1854 ôfbrutsen tsjerke fan Terkaple út dowestien oplutsen wie<sup>57</sup> moat dizze bewenningsas fóár 1200 ta stân kommen wêze. Neier argeologysk ûndersyk fertsjinnet de fraach oft Terkaple, fóárdat dizze as berikke waard, earder op de "Terherne-as" lei, dus oan de Geeuw. Oanwizings dêrfoar soene wêze kinne de lâns de Geeuw foarkommende toponimen it *Oud Hof* tusken Heremafeart en Langesleat<sup>58</sup> en 't *Olthof* tusken Langesleat en Boksleat,<sup>59</sup> dy't hjir net op âlde tsjerkhoven mar nei alle gedachten op âlde hússteeën wize. In twadde oanwizing jout de namme Alde of Oude Geeuw,<sup>60</sup> dy't mooglik "âlde bewenningsas" betsjut.<sup>61</sup> As Terkaple yndied earder op de "Terherne-as" lein hawwe soe, soe ek dêryn trouwens in oerienkomst mei Stientsjerk-Lúnbert bestean: noch lang herinneren it âlde tsjerkhôf fan Katryp/Terbant en it âlde tsjerkhôf fan Stientsjerk der oan dat de bewenningsas Katryp-Stientsjerk-Lúnbert yn de Midsieuwen in kilometer noardliker lei as tsjintwurdich.<sup>62</sup>

De eigendomsrekonstruksje leveret it bewiis dat ek tusken de "Terkaple-as" en de "Eagmaryp-as" in ûntginningsrelaasje bestiet. Ek sûnder eigendomsrekonstruksje falt it jin op dat de as fan Terkaple him ûnder Eagmaryp yn de ferkaveling

- 55 Ek yn de opjeften fan neistlizzers fan 1700 komt ta utering dat it Diel de grins tusken beide pastoryen wie: Akkrum FC18 "'t Deel Z", Terkaple FC9 leit foar in part "op Deelswal".
- 56 Sjoch foar de wetters mei de namme Diel/Deel yn dizze omkriten: *Fryske Nammen* 9 (1993) 186-188.
- 57 D. van Weezel Errens, "De zolderschilderingen in de oude kerk van Terkaple", *De Vrije Fries* 90 (1990) 75-100, dêre 75.
- 58 Sjoch de kaart fan Eekhoff.
- 59 FC1700, Terkaple FC/L43 en Eagmaryp FC/L3 en L6. Der binne gjin oanwizings dat it hjir om âlde tsjerkhoven giet. O. Santema, "Toponymy fan 'e Lege Wâlden (Terherne, Terkaple, Eagmaryp)", *Fryske Nammen* 1 (Ljouwert 1978) 93-110; H. Halbertsma, *Terpen tussen Vlie en Eems. Een geografisch-historische benadering* (Grins 1963) dl. I: atlas, 11W; De Langen, "Oldeboorn", 147 en idem, *Middeleeuws Friesland. De economische ontwikkeling van het gewest Oostergo in de vroege en volle middeleeuwen* (Grins 1992) 107, helje de ferskate yn BB, FC1700 en bij Eekhoff onder Eagmaryp neamde "olde hoven" troch elkoar.
- 60 Ut FC1700 (û.o. Terkaple FC1 en Eagmaryp FC/L3) docht dúdlik bliken dat de Wyde Geeuw ek ûnder Terkaple en Eagmaryp "Olde Geeu" hjitte.
- 61 Yn *Fryske Nammen* 9 (1993) 256-263, wurdt in oersicht fan de diskusje oer dizze namme jûn. Spitigernôch giet Gildemacher by de Utingeradielster, Haskerlanner en Einjewierster Geeuw-toponimen net op delsettingshistoaryske aspekten yn, bygelyks oangeande it al as net opskowen fan de doarpen.
- 62 Sjoch foar it âlde tsjerkhôf fan Katryp: de kaart fan Eekhoff; foar it âlde Stientsjerk: Mol, *Friese huizen*, kaart 9. Der binne oanwizings dat it tsjerkhôf fan Katryp/Terbant mooglik twa kear ferskood waard en dat in noch âlder tsjerkhôf noardlik fan de Heafeart lein hat (K. Huisman, "Lêste resten Katryp fuortploeg", *Leeuwarder Courant* 1 mei 1992).

Kompjûterwerjefte  
fan de  
wjerstânsmjitting  
op it âlde tsjerkhôf  
fan Eagmaryp.  
Dúdlik te sjen  
binne de  
tsjerkhôfsgrêft en it  
rûne koar fan de  
tsjerke. Stichting  
RAAP, alle  
rjochten  
foarbehâlden.  
Undersyk: ing. P.  
Orbons, stichting  
RAAP, 22 juny  
1993.  
Opdrachtjouwer:  
Provinsje Fryslân



fuortset yn de foarm fan in sleat, dy't hjir en dêr bochten fertoant dy't op âlde hússteeden wize kinne.<sup>63</sup> It docht bliken dat yn de opstrek fan de tsjerke en de fikary (FC12) yn ien fan dizze bochten it persiel 't *Olthof* (FC/L22) leit, dat yn de Benefisjaalboeken fan 1543 as prebinde foarkomt<sup>64</sup> en dat yn 1700 noch ta de "kerke-, viccarye- en pastorye- losse landen" hearde.<sup>65</sup> Ek nei de resinte werferkaveling is de bocht yn 'e sleat yn de foarm fan in heale sirkel noch yn it lân te sjen.<sup>66</sup> In op ús oanwizing útfierd argeologysk ûndersyk op dit plak toande oan dat hjir yn de Midsieuwen de foargongster fan de lettere tsjerke fan Eagmaryp stie. Troch boaiemwjerstânsmjittings koene de fundearrings fan it tsjerkje mei in rûnsletten koar en in part fan de tsjerkhôfsgrêft oanwiisd wurde.<sup>67</sup>

Op grûn fan it boppesteande kin de útbou fan it parochywêzen yn dit part fan Utingeradiel neier beskreaun wurde. Memmetsjerke wie de tsjerke fan Akkrum op

63 Sjoch foar sokke sleatten: J.M. Bos, *Landinrichting en archeologie: het bodemarchief van Waterland*. Nederlandse Archeologische Rapporten 6 (Amersfoort 1988) 55-61.

64 BB Zevenwouden 23: "noch XI pondemaeten graslandt (...) hietende dat Olde Hoff; ende worden deesen landen aen de voorscreuen prebende gebruycket (...)" ; FC/L22: "11 pond. genaemt 't Olthoff". Sjoch foar it toponym "Oldhof": P.N. Noomen, "De middeleeuwse namen op -hove en -hafe in Noord-Nederland en Noordwest-Duitsland", *Fryske Nammen* 8 (1989) 23-52, dêre 33, 48.

65 Dit persiel moat dus net betize wurde mei it troch Eekhoff oanjûne "Oud Hof". Ferlykje noat 59.

66 Fotoatlas Friesland, útj. troch de Topografische Dienst (Den Ijp/Emmen sirka 1990) blêd 281 "Akmarijp".

67 G.J. de Langen, ynterview mei G. Bakker, *Friesch Dagblad* 26 juny 1993. Wy tankje De Langen en P. Orbons fan de Stichting RAAP foar it ta beskikking stellen fan de kompjûterwerjefte fan de mjitting.

de ouwerwâl fan de Boarn, dy't op har bar wer in dochter fan de tsjerke fan Aldeboarn wie. De fierdergeande ûntginning fan it fean makke it mooglik oer it Diel kapellen te stichtsjen, dy't har stadichoan ta selsstannige tsjerken ûntjaan soene. De namme Terkaple sil ynterpretearre wurde moatte as de âldste kapel yn dit gebiet, of op syn minst as de kapel by útstek, dy't ek fermogensrjochtlik in direkte ôfsplitsing fan Akkrum wie. Sekundêr ten opsichte fan Terkaple,<sup>68</sup> of yn alle gefal mei in minder direkte bân mei de memmetsjerke yn Akkrum, ûntstiene tsjerken yn Terherne,<sup>69</sup> Eagmaryp, St.-Jansgea en Sniksweach.<sup>70</sup> Foar Eagmaryp is it wis dat it earder mear nei it noardeasten lei, by it no weromfûne tsjerkhôf yn it ferlingde fan de bewenningsas fan Terkaple: mooglik foarme noch earder de Geeuw, yn it ferlingde fan Terherne, sa'n âlde bewenningsas.

By wa't it inisjatyf ta tsjerkestichting yn Akkrum lein hat, is troch it ûntbrekken fan gegevens oer it patrosinium en it âlde patronaatsrjocht net dúdlik. Yn de fyftjinde ieu hearde it patronaat oan Haskerkonvint, wylst de parochianen in wichtige stim yn it kapittel hiene. Yn 1472 kamen yn dat ramt de haadlingen Tyard Andringa en Jorrit, syn broer, fanwegen as wurdfierders fan de parochianen;<sup>71</sup> yn 1447 wie Tyard trouwens al tsjerkefâd fan Akkrum.<sup>72</sup> Beide bruorren stichten yn de Akkrumer tsjerke de letter as Andringalien bekend steande prebinde. Har neef Hotze Andringa, yn 1480 noch pastoar yn Terherne, wie fan 1480 oant 1493 pastoar fan Akkrum.<sup>73</sup> Yn 1543 fungearren de neven Gosse Tyaerts en Gabbe Jorrits Andringa as tsjerkefâd; beiden wiene se boppedat neistlizzers fan de pastory (FC18). De eigendomsrekonstruksje befêstiget dit lêste: de twa saten oan de eastkant fan de pastory (FC16 en 17) wiene Andringagoed; oan de westkant leine it al earder neamde Andringalien (FC20) en Andringasate (FC19).<sup>74</sup> De fraach oft de grutte feitelike meisizzenskip fan de Andringa's yn saken oangeande de parochytsjerke, yn kombinaasje mei de belending fan har lân oan wjerskanten fan de pastory, op in âlde juridyske relaasje tusken de tsjerke en de famylje Andringa tebekgiet, kin by gebrek oan boarnen net beândere wurde.<sup>75</sup>

Minder ûnwissichheid hoecht der nei ús betinken te bestean oer it jongere tsjerkje fan Terkaple, dêr't allyksa in nauwe bân mei in adellike famylje bestie. It hat alle eigenskip dat it hjir yndied om in haadlingestichting giet. By âlds pretindearre nammentlik de famylje Oenema ter Kaple it patronaatsrjocht fan Terkaple, Terherne, Eagmaryp en Goaiïngaryp.<sup>76</sup> De eigendomssituasje slút dêrby oan: om't Oenamahûs fuort neist de tsjerke fan Terkaple leit en it Oenemalân (FC3-4, 7-8 en 10-11)

68 Patrosynium nei alle gedachten: St. Margaretha. G. Verhoeven, "De middeleeuwse kerkpatrocinia van Friesland. Een inventaris", *Fryske Nammen* 8 (1989) 75-108, dêre 98; Van Weezel Errens, "Zolderschilderingen", 79. Ferlykje noat 76.

69 Patrosynium mooglik St. Laurentius. *Tegenwoordige Staat* III 480: "De kerk, die een stompen toren heeft, is aan St. Laurentius toegewyd; in een der glazen stond, ten blyke daarvan, 't volgende versje: "St. Laurens is de patroon van onze kerke, daarom staat hy schoon in 't middelste parke". Ook vond mer 'er zyne beelddenis met eenen rooster".

70 Patrosynia resp. St. Gertrudis yn Eagmaryp, St. Jan yn St. Jansgea en St. Nicolaas in Sniksweach. Verhoeven, "Kerkpatrocinia", 75-108.

71 Mol, *Friese huizen*, 267-268.

72 GPCV I 532; *OFO* I 97.

73 Brouwers e.o., *Andringa*, 16.

74 Ferlykje: Brouwers e.o., *Andringa*, 36-37.

75 Dat (rjochtsfoargongers fan) de Andringa's de Akkrumer tsjerke stichte hawwe soene, liket ús, sjoen de wierskynlik hege âldens fan de tsjerke, net botte oannimlik.

76 Wy tankje dizze kennis oan it saneamde Stamboek fan Sibolt van Adelen van Cronenburch (RAF, hs. Fr. Genootsch. 968; ferlykje: Jancko Douwema's *Geschriften*, "Voorrede" 37-38), dat yn de santjinde ieu troch dr. Josias Rispens (Noomen, *GJB* (1989) 34-35) gearstald waard. De pretinsje wurdt stipe troch it klokopskrift: "ora pro nobis beata virgo Margareta/ dominus Hermannus pastor tunc temporis/ Tjeppus domicellus/ anno domini mccccclxxii/ Steven Butendiic fecit" (G. Verhoeven, *Luidklokken in Friesland vóór 1650*. Doctoraalscriptie VU

de pastorylannen (FC9 en 12) oan beide kanten omslút, kin it patronaatsrjocht fan de Oenema's fuortkomme út stichting en dotearring troch foarâlden of rjochtsfoargongers fan Onna van der Cappelle, de earste Oenema (om 1400 hinne) dy't we by namme kenne.<sup>77</sup> Fanwege de hjirboppe oantoande relaasje tusken Akkrum en Terkaple leit de ûnderstelling foar de hân dat dizze "Oenema's avant-la-lettre" kâns sjoen hawwe om har master te meitsjen fan de opstrek fan de pastory fan Akkrum, om dy dêrnei foar de dotaasje fan de troch har stichte kapel te bestimmen. Har rol soe dan te ferlykjen wêze mei dy fan de Lioedingha's yn Aldeboarn-Stientsjerk-Lúnbert.<sup>78</sup> De patronaatsrjochten dy't de Oenema's ek yn Terherne en Eagmaryp útoefenen, passe goed by ús ferklearring fan de namme Terkaple as "de âldste fan Akkrum ôfspliste kapel yn de Lege Wâlden".

De foarse útbou fan it parochywêzen yn de tolfde en trettjinde ieu wiist op in beskaate wolfeart yn de Lege Wâlden yn dizze tiid. Dy wolfeart naam nei alle gedachten fierder net mear ta. Al it feanlân wie no yn kultuer brocht, dat der wie gjin romte mear om de doarpen noch fierder opskowe te litten. Der binne oanwizings dat men nettsjinsteande dy ûntjouwing noch in skoft mei it boubuorkjen<sup>79</sup> trochgien is. It ploegjen en ûntwetterjen fan de boaiem, dy't dêrfoar nedich wiene, laten ta in stadige ferleging fan it meanfjild en dêrtroch ta wetteroerlêst. Uteinlik wie men dêrtroch twongen om op it greidebedriuw oer te gean.<sup>80</sup> Ek de lânbou-aktiviteiten fan muontsen en leken út Haskerkonvint en Katryp yn de fjirtjinde ieu yn de feangebieten fan Oerisel wize derop dat yn de Lege Midden fan Fryslân de "grinzen oan de groei" yn sicht kamen.<sup>81</sup>

De delgong fan de wolfeart en de parsjele ûntfolking fan de Lege Wâlden setten har fanwege de agraryske depresje yn de santjinde ieu yn fersterke mjitte troch. In moai foarbyld leveret Eagmaryp. Oan de midsieuske wolfeart dêr herinnere yn de sechtjinde ieu noch it feit dat it tsjintwurdige doarpsgebiet doe sels noch twa parochysjerken hie: de St.-Gertrudistsjerke yn Eagmaryp sels en de "capelle van Sinte Johannes"<sup>82</sup> yn St.-Jansgea. Ek wist men doe noch dat Eagmaryp en St.-Jansgea yn de Midsieuwen in grut tal "edele staten" hân hiene: de kaart fan Bernardus Schotanus à Sterringa út 1664 neamt fan noard nei súd efterinoar: Abbema, Donia, Galama, Bavema, Bangma, Molla en Unia, mar tekenet dêrby oan dat se "ferneatige" binne.<sup>83</sup> Dizze op it earste gesicht ûnwierskynlike opjefte fan safolle oansjen-

(Amsterdam 1983) 85). "Domicellus Tjeppus" is Tjepke Oenema, dy't yn 1466 it merkerjocht fan de Jouwer mei besegele (*OFO* II 66). Spanninga tinkt dat Tjepke en syn neiteam eigeners wiene fan de (lettere) Heremastate yn de Jouwer, dy't troch de Heremasleat mei Terkaple en Akkrum ferbûn wie (H. Spanninga, "Gewassen tot een vleck en 't fatsoen van een Stadt. Enkele aspekten van de wordingsgeschiedenis van Joure", *It Beaken* (1982) 126-150, dêre 130; idem, "Herema State en de familie Vegilin van Claerbergen", yn: Spanninga e.o. (red.), *Haskerlân*, 143-214, dêre 144; *Stamboek* s.v. Oenema en Hoytema). Ek yn de sechtjinde ieu pretindearren de Oenema's en har rjochtsopfolgers Roorda fan Oenema neffens grêfskriften en ferwulfskilderings yn de tsjerke it patronaatsrjocht yn Terkaple (Van Weezel Errens, "Zolderschilderingen", ald. 98 nt.13).

77 Jancko Douwama, *Geschriften*, 60; "Voorrede" 55. Onna van der Cappelle soe de heit fan Tjepke Oenema west hawwe.

78 Mol, *Friese huizen*, 53. Spekelearjen oer in âlde relaasje tusken Andringa's fan Akkrum en Oenema's fan Terkaple is oantreklik mar kin yn ferbân mei de ûndúdliker situaasje yn Akkrum hjir better benefter litten wurde.


79 Ferlykje: *PKAF* II 21.

80 Huisman, "Riperkrite"; Noomen, "St. Gangolfus".

81 Mol, "Haskerkonvint", 32.

82 Sjoch bygelyks de omskriuwing yn 1511. Walsweer, "Eagmaryp", 147.

83 B. Schotanus à Sterringa e.o., kaart "De grietenye van Utingeradeel" (1664), werpr. yn: O. Santema (ed.), *Uitbeelding der heerlijkheit Friesland zoo in 't algemeen als in haare bijzondere Grietenyen* (1951) 18. Ek ûnder Terkaple wurde neist Oenema en de tsjerke noch twa "vernietigde edele staten" oanjûn.



like besittings wurdt troch âldere boarnen befêstige. Molla state ûntliende syn namme nei alle gedachten oan de foarnamme Molla, dy't yn de famylje Rypkema foarkaam. Dizze famylje fan rike eigenerfden, dy't al yn 1427 neamd wurdt, hie grûnbesit yn Burstum ûnder Nes en yn Eagmaryp.<sup>84</sup> Galama, tusken de tsjerke fan Eagmaryp en dy fan St.-Jansgea, wurdt yn 1459 al neamd: "int selve jaer van '59 heeft Agge Doenya, met hulp van Jancke Douma, gecregen Joucke Galama steenhuis in Ackmeryp, daer Agge veel quaets aff dede".<sup>85</sup> De skiednis fan Abbema state<sup>86</sup> as lêste is oant 1511 tebek te folgjen. Mei mear as 100 pûnsmiet wie it yn dat jier it grutste bedriuw yn Eagmaryp. Ede Romkis, bierbrouwer en boargemaster fan Snits,<sup>87</sup> bekend wurden troch it ferslach fan de beafeart dy't hy yn 1520 nei Jeruzalem mei in pear oaren makke hat, hie it doe yn eigendom.<sup>88</sup> Yn 1598 hearde it ta oan Sypcke van Abbema, de pakesizzer fan Ede syn pakesizzer Rinck Jelmersdr.<sup>89</sup> De Schotanuskaart fan 1718 lit al dizze gloarje benefetter en toant allinnich tsien "stemmende plaatzen" en tsien sterkes dy't de "stemmende stellen" fan yntusken ferdwûne pleatsen oantsjutte.

Neffens it tal stimmen wiene der yn Eagmaryp en St.-Jansgea yn de lette Midsieuwen nei alle gedachten noch 28 bedriuwen. Yn 1511 en 1598 wiene dat der 26, dêr't yn it lêste jier ien fan as "den lege steedt" registrearre stiet.<sup>90</sup> De agraryske depresje fan de twadde helte fan de santjinde ieu fersterke it proses fan ferdwinen fan bedriuwen trochdat men ta in mear ekstinsive wize fan buorkjen oergie en bedriuwen gearfoege waarden.<sup>91</sup> Yn 1640 wiene der noch 25 gebrûksienheden, mar

84 Eekhoff beskôge FC19 as Molla, FC20 as Unia; de grinsleat mei Sniksweach hjitte Ripkemasloot (Schotanus (1664), kaart "Utingeradeel"). K.F. Gildemacher, "Nammen fan Haskerlân", yn: Spanninga e.o. (red.), *Haskerlân*, 79-142, dêre 90, lei as earste ferbân tusken Molla en Rypkema. De foarnamme Molla komt by werhelling foar yn St.-Jansgea: Molle Jansz en Broer Mollis (1543), Rencka Mollis (1511). De ôfstamming fan de lêstneamde soe wêze kinne as folget: I. Sywrd Rypkama (1427); II. Molla (Rypkama), mei eigendom yn Eagmaryp (1449); III. Molla Mollaz, "Sivrd Rypkama berns beern" (1474); IV. Rencka Mollis, 1511 te Eagmaryp. Boarnen: *OFO* I 45 (1427), 103 (1449), 119, 120, 122, 139, 171, 201, 215, 216, 245, 247 (1474); *OFO* II 30; *GPCV* I 665; en RAF, Ynvintaris fan it argyf fan it kleaster Aalsum, ynv.nr. 12.

85 Worp van Thabor IV 106 e.v.

86 De lizzing neffens de kaart van 1664, en de grutte, it floreenbedrach en de folchoarder yn 1511 en 1700 wize yn de rjochting fan FC1.

87 Walsweer, "Eagmaryp", nr. 7, 25 en 26 ("Ede Ronkis" en "Yga syn broer"); M. Oosterhout (ed.), *Snitser recesboeken 1490-1517* (Assen 1960-64) II 51 en passim. Ek yn Twellegea hie Ede Romckes in sate (*Rvda* II 60).

88 Sjoch it ferslach troch de pastoar fan Kampen, Geert Kuynretorff, *Jerusalemse Reyse* (Kampen, om 1550 hinne). Ferlykje: R.J. Kolman, "De pelgrims van Jeruzalem te Kampen (ca. 1450-1580)", *Kamper Almanak* (1987-1988) 155-214; K. Schilder, "Genealogie van het Kamper geslacht Kuinreturf", *Kamper Almanak* (1990) 202.



89 Walsweer, "Eagmaryp", nr. 26. De hypotese fan Hessel Bierma (sjoch: H.R. Heerema, *Enige aantekeningen betreffende het voorgeslacht van het echtpaar Herre Ruurds Heerema (1838-1917) en Janke Scheltes Hylarides (1844-1885)*, van Tzum (Voorburg 1982) V/7) dat de Snitser patrisiërsfamylje (Van) Abbema yn froulike line fan Ede Romckes ôfstamt, wurdt dus befêstige troch de oanbringregisters fan 1511 en 1598: I. Ede Romckes (sjoch noat 86), tr. Jut Florisdr, dochter fan Floris Jacobs, houtkeapman en 1493 skepen, 1494 boargemaster fan Snits; II. Jelmer Edes, 1540-1545 grytman fan Utingeradiel (A.J. Andreae, *Nalezing op de Nieuwe naamlijst van grietmannen* (Ljouwert 1893) 105), tr. Wyb Sinnedr.; III. Rinck Jelmerdr., tr. Sipcke Abbema, 1543 eigener fan Abbema State te Kollum, 1538 skepen, 1544 olderman fan Snits (E. Napjus, *Historische chronyk of beschryvinge van oud en nieuw Sneek* (Snits 1772) 91); IV. Ede Abbema, 1559 begoedige te Wommels en Snits, 1562-1566 skepen en boargemaster fan Snits, 1565 lid fan it Verbond der Edelen (J.J. Woltjer, *Friesland in hervormingstijd* (Leien 1962) 318), tr. Edewer Popma; V. Sipcke van Abbema te Eagmaryp, 1578 de heechstoansleine te Eagmaryp (P.L.G. van der Meer, "Register fan de Personele Ymposysje út 1578", yn: idem e.o. (ed.), *Administrative en fiskale boarnen*, 273).

90 Walsweer, "Eagmaryp", 147.

91 Ferlykje: H. Spanninga, "Skiednis fan Haskerlân oant likernoch 1800", yn: Spanninga e.o. (red.), *Haskerlân* (1990) 1-78, dêre 26-27.

yn 1700 wie dat tal al ta 16 tebekrûn. Yn it enoarme kompleks fan 185 pûnsmiet dat Riemer Claeses doe fan De Kempnaer en Van Sminia hierde, wiene sels fiif stimhawwende eartiidske bedriuwen opgien!<sup>92</sup> De oantsjutting "stemmende stelle" hâlde yn 1700 yn Eagmaryp dan ek net yn "hússtee mei stimrjocht, sûnder lân" mar hússtee mei stimrjocht, mei byhearrend lân, mar sûnder hûs".<sup>93</sup> Ek de opheffing en gearfoeging mei Eagmaryp yn de sechtjinde ieu fan de parochy St.-Jansgea binne tsjin de eftergrûn fan dizze parsjele ûntfolking fan de Lege Wâlden goed te begripen.

*It ferdwinen fan 'edele staten' yn Eagmaryp yn de twadde helte fan de santjinde ieu: fragminten út de kaarten fan Utingeradiel út Schotanus' "Uitbeelding der heerlijkheit Friesland" fan 1664 (lofts) en de atlas fan Schotanus-Halma út 1718 (rjochts)*



92 Eagmaryp FC5-6, FC10-11.

93 Yn Terherne herinneren yn 1640 de stellen FC5, 7 ("Pier Taeckes ende Roucke Wibrans wone op een polle welcke recht van stemminge heeft"), 8, 12 en 15, dêr't mar in bytsje of alhiel gjin lân mear by hearde, oan bedriuwen dy't yn de lette Midsieuwen of de sechtjinde ieu foar it grutste part yn de Terhernster puollen ferdwûn wiene.